

# po@dium

## 2016

Nr. 11 - desimber

Bennie Huisman

### Arrivederci Berlyn?

Novimber hie neffens de deskundigen in opfallend heech tal froastdagen, mar it joech gjin lêst, ûnderweis nei War-kum, Grins, Ljouwert, Reahûs, Den Haach & Grou: myn lytse rige foarstellings om it slútstik fan it Berlynprojekt hinne: de bondel *nei Berlyn / naar Berlijn*. It krijt grif noch in ferfolch: it is moai om te dwaan, benammen de 'keamerfoarstellings', dêr les ik wol brij fan. Wa't der by wienen fûnen it 'tige nijsgjirrich' oant 'tige moai'. En wa't der net wienen witte noch net wat se mist ha en krije yn 2017 in nije kâns. Ik sil mar wat flessepost yn 'e kulturele see smite en hoopje dat it hjir of dêr oanspielt en opkrigen wurdt. En oars betink in sels wol wer wat.



Mar it ferlet om der mei troch te gean hat al wat konkurrinsje. Neist it achterstallich ûnderhâld fan leafdes, hûs & hiem, oppenearret him ek de driuw om mei myn nije projekt útein te setten: *Sanfirdo*.

Dat is net inkeld de titel fan de roman, dy't op steapel stiet en dy't rûchwei earne tusken de hjerst fan 2018 en de maityd fan 2019 ferskine sil, mar it is ek de namme fan in *Po@dium*-projekt. Mei ferhalen út it skriuwproses wei, mei lytse foarstellinkjes en mei wat ik fierder allegear noch betink.

Dit is de lêste *Po@dium* fan 2016 en earste fan trije '*Winterpo@diums*', dy't alle trije op de 21e fan de moanne útkomme. Op 21 maart 2017: 'een nieuwe lente, een nieuw geluid...' Of: 'nij...?'

Jo betinke wat...

Alle lêzers winskje ik moaie feestdagen ta. En in nij jier dat tafalt.

# Buon giorno Sânfirdo

Sânfurd. (Ned.: Sanfirden)

It is eins in doarpke fan neat. In hantsjefol huzen om in lytse tsjerke mei hôf hinne, wat pleatsen, in monumintaal 'urinoir' en in steiger oan it Hop.

Lykas op de âlde kaart hjirneist te sjen is rûn der in dyk út Aldegea wei - De Band. No rint it earste ein dêrfan troch nei De Gaestmar en is der in ôfslach nei Sânfurd. Foarby it doarpke rint de dyk noch troch nei in kampearbuorkerij oan de Flakke Brekken en hâldt dan op. It fuottenein fan de wrâld.

'De wrâld' komt oars wol nei Sânfurd ta. Boatsjeminsken, dy't alle jierren de steiger fan Sânfurd oan dogge. Foar de rêst, of foar in konsert; dy wurde geregeld yn it tsjerkje oanbean. De opbringst dêrfan wie - en is - foar de restauraasjes en it ûnderhâld fan it tsjerkje. Dat is ek in populêr plak om te trouwen, sawol de seremoanje as it feest.


Hoe 't myn skiednis ferweven rekke mei dit bysûndere doarpke yn in bysûndere krite is in apart ferhaal, dat ik yn de kommende Po@diums wat út de Persoanlike Argiven opfiske sil. It begûn eins healwei de jierren '90.

Nei drokke 'teaterjierren' begûn ik yn de hjerst fan '96 stikjes te skriuwen foar de Ljouwerter, dy't meast om 'e 14 dagen pleatst waarden. Yn 'e maityd fan '97 skreau ik in lytse syklus: *Dichterleafde*. En bedarre sa yn boppesteande krite. Dêr hie 'k ommers al twa eardere leafdeslietsjes situearre: de *Lytse Boerefaam út Aldegea* (of: it *Swalkerslietsje*...) en *Akky fan 'e Gaastmer*. De earste wie alhiel fantasij, mar Akky bestie werklik, inkeld de leafde wie ferbylding. Beide lietsjes wienen geregeld op Omrop Fryslân te hearren en myn '*Lytse Boerefaam*' hat yn de Fryske Top-100 sels ien kear boppe Anneke Douma stien... (Anneke wie, pake...?)

Yn de krantestikjes boarte ik wat om mei dy beide fammen en al skriuwend krige ik it idee om der noch in treden by te sykjen. En dêr in nij lietsje oer te skriuwen. It krantestikje dat oer dy syktocht giet stiet op de folgjende side. De earste ferzy fan it lietsje - fol mei flaters - wie der doe by ôfprinte.

Dat wie it begjin fan myn skiednis mei Sânfurd. En krekt troch de flaters krige it al gau in ferfolch, dat net foarsjoen wie, mar dat it wol bisûnder makke, fan it begjin ôf.

Mar dêroer mear yn it nije jier.



Graach hie ik no ferslach dwaan wold fan in echte swalktocht, hoe lyts dan ek, hoe beheind yn tiid. Per skonk, op 'e fyts, of - it meast passend yn dizze kontreien - mei in boatsje. Silend soe 'k de krite troch swalkje en in smel tuorke, dat oan de kym tusken in tropke beammen útpjukt, soe genôch wêze om it dy kant út te sykjen. In smelle opfeart yn en dan, foarby de lêste kuilbult, soenen de earste rigels fan in lietsje har as fansels oantsjinje:

*'Hantsjefol huzen, wat pleatsen, in toer, en de wyn giet der oer...'*

Mar sa 'n dichterlik ûndersyk mei my yn dizze fase fan it bestean net barre, drok besteld as ik bin mei it skjinfien fan deistige paadsjes, mei relaasjes, ôfspraken en tasizzingen. Dêrom moat it mar mei de auto, even tusken in needsaaklike repetyasje en in nuttich foarnimmen troch. En sa ryd ik it útdjende en bedriuwige Heech foarby, de romte yn, as in dichterlike aaisiker út 'e auto wei speurend nei in broedsje poëzij.

Ik ha thús oars al wat foarwurk dien, op 'e wetterkaart fan Fryslân (\*). Ik ha sels al in earste kar makke en sa bedarje ik yn Sânfurd. Dat wol sizze, ik tuf der trochhinne, ear't ik der erch yn ha. It paad rint al nei in pear kilometer stomp op in kampearpleats oan 'e Brekken. Oer it wetter sjoch ik it eptige tuorke fan Nijhuzum, ek in mooglike kandidaat. Mear nei it suden wit ik It Heidenskip, dat ik der ek fan fertink net alhiel frij te wêzen fan dichterlike mooglikheden.

Ik skarrelje werom nei it plak fan myn oarspronklike bestimming. De betondyk en de djip útsnijde wetterlopen der neist binne sa nij, dat de poëzij noch gjin tiid ta 'herstel' krigen hat. Yn Sânfurd stap ik út en doch in slach om 'e tsjerke en oer it hōf. Oer de dyk sobbet it wetter fan It Hop oan in hoekje rûchte en reid, dat neffens in publikaasje neist de tsjerkedoar de namme Leechhiem draacht en ik kin my wol wat foarstelle by de striid, dy't hjir yn tiden fan heger wetter fierd is om tsjerke en toer te behâlden. Myn eigen hege wetter kin ik kwyt yn in stôkâld 'urinoir'. Dêrnei kin ik fierder lêze dat it tsjerkje in bysûnder oargel hat en dan komt de ferbylding wat op 'e gong. Dan stiet ynienen de doar heal iepen en hear ik in fuga fan Bach en wit ik dêrboppe it mystearje fan in moaie, jonge oargeliste of sels in sjongster. Smaaklike details tsjinje har oan, mar se lykje my gaadliker foar in ferhaal as foar in lietsje.

De maityd is noch ier, it doarpke hat de wintersliep noch net rjocht út. Meidielingen fan aktiviteiten ferwize nei de simmer en bringe my op it spoar fan 'e tiden. Ik wit ynienen dat myn lietsje gean moat oer de langst. De langst, dy't moaier is as de ferfolling. De langst, dy't de myte yn stân hâldt. De langst, yn dit gefal, nei in 'Simmerfamke fan Sânfurd', dat de simmer en de leafde yn har ferieniget, twa saken, dêr't beide like fûleindich nei útsjoen wurdt en dy't beide gauris like hurd ôffalle. Dat is gjin reden om der mar fan ôf te sjen en de lietsje-skriuwer is wol de lêste, dy't it yn dit stik fan saken ôfwitte litte kin.

Op 'e weromreis stek ik noch even oan yn Heech en meitsje ûnder it genot fan in flaubyt wat earste oantekeningen. Oer it leafdeslietsje dat ik tasein ha, mar ek mear persoanlike notysjes oer de mooglikheden en ûnmooglikheden fan it minslik bestean yn it algemien en dat fan mysels yn it bysûnder.

Oait, oait sil ik hjir weromkomme yn in boatsje, in swalkersboatsje, dat ik bouwe sil mei de eigen hannen en mei de eigen ferbylding. Mar it is saak om dat sa lang mooglik út te stellen, want it is lykas it Dichterlike Skriftwurd seit:

*'Leauwe, Langst en Leafde, mar de grutste fan dizzen is de Langst'. ( Swalker 13, fers 1)*

*(\*) Google Maps bestie doe noch net...*

## Simmerfamke fan Sanfurden *(oerferzy, ôfprinte by it artikel op side 3)*

Simmerfamke fan Sanfurden, juster is it hjerstich wurden. En ik tink oan dy.  
Simmerfamke fan Sanfurden, no't de weagen wylder wurde, nûnderje ik foar dy.  
Mankelietsjes waarme wizen, en dan komsto út 'e dize fan de tiid.  
Simmerfamke fan Sanfurden juster is it hjerstich wurden. En ik tink oan dy.

Simmerfamke fan Sanfurden, juster is it winter wurden, En ik tink oan dy.  
Simmerfamke fan Sanfurden, no't de wetters strjemme wurde, sjong ik wat foar dy.  
Operettes, Schubertlieten, krekt as doe't we bûten sieten, nachtenlang.  
Simmerfamke fan Sanfurden, juster is it winter wurden. En ik tink oan dy.

Simmerfamke fan Sanfurden, juster is it maaityd wurden. En ik dream fan dy.  
Simmerfamke fan Sanfurden, no't de Brekken wekker wurde, spylje ik foar dy.  
Walskes, tango's en musettes, en se sweve oer de wetters nei dy, nei dy.  
Simmerfamke fan Sanfurden, juster is it maaityd wurden. En ik tink oan dy.

Simmerfamke fan Sanfurden, juster is it simmer wurden. En ik wol nei dy.  
Simmerfamke fan Sanfurden, no't de Brekken waarmer wurde, komt de koarts op 'en nij.  
Aanst dan sjonge wy tegearre, under moanneljocht en stjerren,  
weagesankjes, leafdesankjes, widzesankjes.  
Simmerfamke fan Sanfurden, juster is simmer wurden. En ik kom by dy.

## Colofon

Yn ferbân mei 'Kryst' - pakjes ûnder de beam, ensfh. - wurdt de aksje noch even trochset:

**nei Berlyn cq naar Berlijn** - bondel mei CD -  
wurdt yn 2016 noch sûnder portokosten tastjoerd.  
In tientsje it stik.

Wa't thús de romte hat kin in 'keamerfoarstelling' oer Berlyn oanfreegje:  
in nijsgjirrige jûn of middei foar freonen, famylje, kunde & relaasjes  
Alle fasiliteiten kin ik sels meinimme.  
Foarwearden yn oerlis.

Po@dium is in Persoanlik Digitaal Moanneblêd  
It wurdt tastjoerd, mar is ek op myn website te lêzen:  
[www.benniehuisman.nl](http://www.benniehuisman.nl)  
Alle eardere nûmers binne dêr te finen: Po@diumarchief  
Wa't op de list wol: stjoer in mail. Wa't der ôf wol: ek  
([info@benniehuisman.nl](mailto:info@benniehuisman.nl))

Bennie Huisman, Herenwal 3, 8441 AZ Heerenveen, 06-29155260